



**OAN É EIN FAN DE SIMMER**  
(Proposals)

**In romantyske komeedzje fan:**

**NEIL SIMON**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **OAN É FAN DE SIMMER-PROPOSALS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**  
**Copyright: 1998 by Neil Simon, Ellen Simon en Nancy Simon**  
**Copyright Frisian translation: 2003 by Neil Simon, Ellen Simon en Nancy Simon**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Clemma Diggins - frou, mids fjirtich

Burt Hines - man, fiifenyftich jier

Josie Hines - frou, trijeentweintich jier

Ken Norman - man, mids tweintich

Ray Dolenz - man, mids tweintich

Annie Robbins – frou, sânenfjirtich jier

Vinnie Bavasi – man, mids tweintich

Sammii – frou, foar yn de tweintich

Lewis Barnett – man, om en de by fyftich jier

It stik spilet him ôf tichteby in reservaat yn de bergen by Pocono, Pennsylvania.

## **DEKOR:**

De bûtenkant fan in ienfâldich, mar gesellich simmerhúske yn de bergen by Pocono, yn Pennsylvania. It is âld en fan hout, mei in plat dak mei kiezelstiennen der op, en in weranda. Op de earste ferdjipping in balkon, mei in skommelstoel en in twasitsbankje dat ek skommelje kin.

Yn de tún is in grutte beamstronk, dy't rjocht ôfseage is en no tsjinnet as taffeltsje. Oan beide kanten stean twa rottanstuollen.

Om it hûs hinne stean beammen en strûken. Omdat men de brui oan it snoeien jûn hat, is it in wyldernis wurden.

Links op it toaniel is in iepen plak yn it bosk, dat tagong jout ta in paad.

De yngong fan it hûs is net te sjen, want we sitte oan de achterkant fan it hûs. We hearre auto's kommen en gear, mar we sjogge se net.

Men kin yn de achtertún komme oer in paad neist it hûs, of troch it hûs sels.

It is ein Augustus en de sinne is al sawat in oere ûnder.

It ljocht op de weranda en de lampen yn hûs binne oan.

## EARSTE BEDRIUW

### SÊNE IEN

Clemma Diggins, in Afrikaanske - Amerikaanske, mids fjirtich, komt op oer it paad neist it hûs. Se hat in tinne jurk oan, en oer har skouders hinget los in trui om har earmen waarm te hâlden. Se hat in hierbân yn it hier en rint op slippers. Se sjocht nei it hûs as seach se it foar 't earst. Se sjocht nei de loft en lûkt de trui wat tichter om de skouders. At se praat, is dat te hearren foar it publyk, mar klinkt it as praat se yn harsels.

CLEMMMA: ...Om dizze tiid fan it jier tink ik meastal oan dit hûs... en om dizze tiid jûns... en by dit waar. At it waar kâlder wurdt en de waarmte dy út de bonken lûkt, at je witte dat de simmer foargoed foarby is... Ik wit net oft dit hûs er noch stiet. At dat wol sa is, sil it der net folle oars útsjen as no, want it is yn al dy twaentweintich jier dat ik er west bin, gjin spat feroare... Ien ding hat my altyd fernuvere. Der binne op de wrâld sa'n tweintich... tritich miljard fûgels? Alderhanne soarten fûgels. Se wurde by boskjes tagelyk geboaren en se stjerre by boskjes... Hoe kin it dan dat it hjir net helendal fol leit mei deade fûgeltsjes? Se libje sa lang net as minsken. Dus je soene doch tinke dat je, at je it hûs útkomme, in paraplu brûke moatte sadat de deade fûgels je net op de kop falle... Doe't ik hjir wurke by menear Burt Hines en syn gesin, hiene we de barbecue faak oan. Noch noait in deade fûgel yn de barbecue-saus fallen sjoen... At der minsken stjerre, giet dat net samar oan je foarby. Der is altyd wol ien as oar famyljelid dat nachts begjint te skreauwen... Doe't myn tiid kommen wie, glied ik gewoan rêstich fuort op bêd... De measte minsken soene in aardich bedrach deltelle wolle om op sa'n manier it tydlike foar it ivige te ferwikseljen... it probleem mei it ferstjerren yn je sliep is, je witte net dat je dea gongen binne. Je misse it gedielte fan it weiglydzjen... je besykje de oare moarns wekker te wurden mar it slagget net... Ik stoar op myn twaennjoggentichste, en yn myn famylje is dat frij jong... Mar de minsken wêr't ik foar wurke, foaral menear Hines, wie krekt fiifenyftich doe't er siik waard, en dy man hat hielendal neat dien om it ûnûntkombere út te stellen. *(Burt Hines, 55, komt it hûs út, sjocht nei de loft, sjocht dan om him hinne om er seker fan te wêzen dat er allinne is. Hy rint nei ien fan de rottanstuollen by de beamstronk en giet sitten)* Dêr giet er. Tink derom. *(Burt hellet in sigaret út de bûse fan syn oerhimd en stekt dy tusken de lippen)*

Begripe jo wat ik bedoel? Hy hie likegoed direkt de loop fan in gewear yn de mûle stekke kinnen. (*Burt stekt de sigaret oan en docht in haal*) ...Goed, in sigaret wurket dan wol sa hurd net as in kûgel... mar hy hat gjin haast. Hy hat noch wat ierdske saken ôf te hanneljen foardat er yn in gat yn de grûn ferdwynt wêr't er no al foar betelle hat... dit is allegear sa'n fjirtich, fyftich jier lyn... doe siet de wrâld oars yn elkoar... yn guon opsichten faaks better, yn oare faaks minder... Yn dy tiid wie ik in neger... no soene se dat kleurling neame... of wat dan ek, ik wit it net krekt. Mar no, op dit stuit, bin ik wat ik doe wie: in hurd wurkjende frou dy't har bêst die om it libben te rêden fan in leave, goede man, sadat er net foar syn tiid út de loft falle soe. (*se giet stadich yn de rjochting fan Burt, dy stiet te roken. Clemma stampet hurd mei de foet op 'e grûn*) Betrape!!!... Ik wist it. Ik wist dat at ik mar lang genôch yn de strûken wachtsje soe, dat ik jo betraapje soe mei sigaret yn de mûle!

BURT: (*grypt nei syn boarst*) Jezus, Clemma. Ik skrik my it apesoer.

CLEMMA: Wat hat dokter tsjin jo sein oer roken? Ha jo noch net genôch hertoanfallen hân fan 't jier? 'It giet om jo libben, menear Hines', hat er dat net sein?

BURT: Nee. Hy sei dat roken net heal sa slim wie as in gek dy't je fan út de boskjes de skrik op it liif jaget... Ik tochte datst op bêd gongen wiest.

CLEMMA: Dat hie ik ek sein, mar ik ha my yn de strûken ferstoppe om jo betraapje te kinnen. (*stekt de hân út*) Jou hjir.

BURT: Noch in lêste haaltsje.

CLEMMA: (*knikt*) Presys. Jo lêste haaltsje... ik begryp net wêrom't jo sa'n haast meitsje om yn de himel te kommen, want dêr mei helendal net rookt wurde. (*Burt docht noch in haaltsje*) Okee, dat wie jo lêste. Jou mar.

BURT: Hâldt op mei dat bazige gedoch, Clemma.

CLEMMA: Goed. Mar tink deroan wat ik sein ha. Noch ien hertoanfal en ik hâld der mei op. Ik bin sânentritich jier en ik ha wol wat betters te dwaan as ta te sjen hoe't in man hieltyd nei syn boarst grypt en leit te spinfuotsjen.

BURT: Dat is tsien jier lyn datst sânentritich wiest.

CLEMMA: Krekt. En oer tweintich jier bin ik noch altyd sânentritich. Myn gesicht is net oan leeftiid bûn. (*stekt har hân wer út*) De lêste kear foar't ik myn koffers pak. (*Burt jout har de sigaret. Se rint fuort en docht as oft se it hûs ynrinne wol, mar se bliuwt op de weranda sitten en docht in haal oan de sigaret*) Ek noch wol sûnder filter. Jo kinne alle binnenpaadsjes nei it tsjerkhôf, wier as net?

BURT: Ik wist datst dat dwaan soest. Do rookst noch mear as ik.

CLEMMMA: (*skoddet de holle*) Ik hear net thús yn jo klassemint. Ik rook peukjes dy't oer binne. En jo litte noch net iens genôch oer om in frou fatsoenlik hoastje te litten.

BURT: Oh, nee? En wa hear ik dan altyd hoastjen op dyn keamer?  
(*Clemma drukt de peuk út op de soal fan de skoech en stoppet him dan yn de bûse fan har sweater*)

CLEMMMA: Meitsje jo mar gjin soargen oer myn hoastjen, want dit fanke is net fan doel dea te gean foar har trijeennjoggentichste.

BURT: Moai. Dan gean we tegearre.

CLEMMMA: Dat hoopje jo. Myn winsk is teminsten garandearre. Dy sigeunerfrou hat my de hân lêzen. (*stekt de hân út, palm omheech*) Sjoch. Ik ha in libbensline dy't sa lang is, dat er fia myn fuotten werom rint nei myn hân.

BURT: Ik ha my de hân ek es lêze litten. Dy frou sei dat my in grutte karriêre yn de amusemintsyndustry te wachtsjen stie.

CLEMMMA: Sjogge jo no wol. De wierheid dus.

BURT: It ferkeapjen fan dekors foar televyzje is net wat ik in grutte karriêre yn de amusemintsyndustry neam.

CLEMMMA: Jo wolle allinne mar de negative kant fan dingen sjen. Alle Joadske mannen dogge dat... Jo prate net genôch mei God, dat is jo probleem.

BURT: Miskien hast gelyk. Ik wurd wat lui. Sil ik sneintemoarn meigean nei tsjerke?

CLEMMMA: Eh eh. Nee, menear. God hat net al dy muoite dien om jo Joadsk te meitsjen en dan yn myn tsjerke sitten te gean... ik mei Joadske minsken graach... it bidden is goed, mar it iten smakket ferskriklik.

BURT: (*rint nei Clemma ta. Slacht har de earmen om de hals*) Ik hâld echt fan dy, Clemma. Ik ha altyd fan dy holden. Hopelik wurdst dêr net senuwachtich fan?

CLEMMMA: Jo binne no net bepaald yn in kondysje om senuwachtich fan te wurden.

BURT: Wachtsje mar ôf. Ik sil dûnsje op de brulloft fan Josie... mei dy.

CLEMMMA: At er in brulloft komt.

BURT: Hoe bedoelst? Tinkst dat Josie en Kenny net trouwe sille?

CLEMMMA: It bin myn saken net.

BURT: Oh, jawol. Do bist deselde dy't se yn fertrouwen nimt, net mefrou Hines.

CLEMMMA: Mefrou wa?

BURT: Sorry. Mefrou Robbins. No bin we al trije jier by elkoar wei en ik bliuw it ferkeard sizzen.

CLEMMMA: It iennige dat jo ferkeard dien ha, is dy frou gean litte. Doe't jo noch troud wiene, ha ik jo noait nei de boarst gripen sjoen.

BURT: Do hast my noch net sein watst tinkst fan de brulloft fan Josie en Kenny.

CLEMMMA: Se troud helendal net mei him.

BURT: Se bin ferloofd. Hat se dy sein dat se net mei him troud?

CLEMMMA: Dat wie net noadich. Ik hâld dat bern al yn de earmen sûnt se geboaren is. Ik sjoch hoe't se nei him sjocht.

BURT: Hoe dan?

CLEMMMA: Ferloofd, mar net troud... It wurdt kâld. Ik gean yn 'e hûs. Jo kinne ek mar better yn 'e hûs gean, at jo in bytsje om jo sûnens tinke wolle.

BURT: Ik ha in trui oan.

CLEMMMA: Dat seit neat. Dy lûkt de begraffenisûndernimmer jo wol út. *(Clemma giet yn 'e hûs. Josie Hines komt op. Se gappet nei de siken. Se hat in koarte broek oan, gymskuon sûnder sokken en in shirt fan har heit. Se hat in atletysk lichem, brûst fan sûnens en fitaliteit. Se is 23, knap en hat in yntelligint, sterk gesicht. Se hat in stick by har dy't se fûn hat yn it bosk)*

JOSIE: Wêr hiene do en Clemma it oer?

BURT: It houlik.

JOSIE: *(knikt)* Gean jim tegearre fierder?

BURT: Nee. Do en Kenny wol?

JOSIE: *(sjocht de oare kant op)* ...Net echt.

BURT: Wêr is er?

JOSIE: Hy is dêrjinsen noch. Hy komt der oan.

BURT: Wat is er oan de hân, Josie?

JOSIE: Soest my in hiele grutte heks fine at ik de ferloving mei Kenny ferbrek? *(Burt draait him om, sjocht nei de doar wêr't Clemma troch yn de hûs gongen is, dan wer nei Josie)*

BURT: Nee. Mar it soe my wol fernuverje Wat is er gebeurd?

JOSIE: Hâldt dy fêst.

BURT: Of hast it al útmakke? *(Josie knikt)* Sa krekt? *(se knikt)* Yn 't bosk? *(se knikt)* Oh, net bêst.

JOSIE: Oh, God, heit, ik fiel my sa ferskriklik.

BURT: No, dat is ek net maklik, om soks sizze te moatten.

JOSIE: Do hiest syn gesicht es sjen moatten. Kinst dy gewoan net foarstelle hoe't er kwetst wie.

BURT: Doch wol.

JOSIE: Oh, nim my net kwea ôf. Ik tocht der even net by nei. Soms freegje ik my ôf wa syn genen ik ha, en dan wurd ik hiel bang.

BURT: Do hast de genen fan gjinien fan ús beiden. At ik allinne dy



fan ús mem hân hie, dan soe ik ien meter sechstich wêze, en my soargen meitsje at elkenien wol genôch te iten krige. *(hy sjocht om him hinne, siket Kenny)* ...Is alles goed mei Kenny?

JOSIE: Ik tink it net. Wolst mei him prate?

BURT: En wat moat ik dan tsjin him sizze?

JOSIE: Dat ik him net wurdich bin.

BURT: Wa soe dat no oait leauwe?

JOSIE: Hoe koe mem sa stom wêze om dy ea te ferlitten?

BURT: Ik wie stom genôch om it gebeure te litten. *(Ken Norman komt op út it bosk. Hy sjocht er mismoadich út. Hy is mids tweintich, nochal netsjes, mar oantreklik, en op it stuit fjochtet er tsjin syn wanhoop)*

KENNY: *(fernuvere dat er Burt sjocht)* Oh, hallo, menear Hines.

BURT: Oh, Kenny. Hallo... hoi. Ik ha it ynienen sa kâld... hasto it ek kâld, Kenny?

KENNY: Nee.

BURT: Josie?

JOSIE: Nee.

BURT: Och, dat komt omdat jim jong binne. Je jeugd behoedet je foar safolle ellinde, leau my... Mar goed, ik sil mar es yn 'e hûs. It wurdt kâld. Oant sjen. *(Burt giet nei binnen)*

JOSIE: *(tsjin Kenny)* Alles goed mei dy?

KENNY: Goed?... Oh, ja... ja... alles goed... ja... nee, netwier... mar dat komt wol wer... oait.

JOSIE: *(knikt. Wit net wat se fierder sizze moat)* ...Kenny?

KENNY: Ja?

JOSIE: ...Wolst in fleske bier?

KENNY: Ynstee fan in brulloft? Nee...

JOSIE: No, ik bin wol oan ien ta. *(Josie giet oerein. Se sjocht him oan, wol wat sizze. It slagget har net. Se draait har om en giet it hûs yn. Kenny pakt har stick op, sjocht dernei, swaait it ding in pear kear troch de loft, brekt dan, yn in fleach fan lilkens de stick op de knibbel yn twaen. Hy brekt de beide einen noch in kear troch midden en smyt de stikken it bosk yn. Josie komt nei bûten mei in fleske bier. Se hat gjin glês, mar drinkt út it fleske)* God, ik bin gek op bier. Ik sil der noch wol es modderfet fan wurde.

KENNY: Ja.

JOSIE: Nee, echt wier. Dan krij ik fan dy ûnbidige heupen, as at ik mei tennisballen yn de bûse omrin. Liljend fleis. Lytse barge-eagen yn in opblaasd gesicht en knobbelknibbels, en dan sil ik de rest fan myn libben wol fan dy grutte Hawaii-shirts drage moatte.

KENNY: Besikest my ôf te skrikken, Josie? Besikest my foar te

spiegeljen datst twahûndert pûn wurdst?... Dat kin my neat skele. Litte we gewoan trouwe, dan keapje ik wol brede stuollen.

JOSIE: *(lit it der net by sitte, sjocht om har hinne)* Wêr is myn stick bleaun? Hasto myn stick sjoen?

KENNY: Nee.

JOSIE: Echt net? Ik hie 'm hjir dellein.

KENNY: Ik ha 'm brutsen.

JOSIE: Hasto myn stick brutsen?... Wêrom dan?

KENNY: Ik wie oan de beurt om wat stikken te meitsjen.

JOSIE: Oh, it jout neat. Ik nim it dy net kwea ôf datst my hatest.

KENNY: Dy HAATSJE? Ik hâld fan dy. Ik hâld al fan dy fanôf it momint dat ik dy seach.

JOSIE: Ik bedoel, ik bin deselde dy't it útmakke hat, dus soe ik it logysk fine datst my no hatest.

KENNY: It spyt my dat ik dy teloarstelle moat, mar dat is net sa... Ik haatsje it libben, de wrâld. Ik haatsje it minsdom. Ik haatsje elk skepsel dat fljocht of krûpt, mar ik hâld fan dy. *(Josie stekt de hân nei him út en streaket oer de rêch fan syn hân)*

JOSIE: Kenny, ik hoopje dat wy wol altyd...

KENNY: Asjebleaf! No net sizze datst hopest dat wy altyd freonen bliuwe sille...

JOSIE: Sorry.

KENNY: Wêrom hast salang wachte, wêrom hast net earder sein datst kappe woest?

JOSIE: Mar ik hie dy doch al es in brief skreaun, twa moanne lyn op skoalle?

KENNY: Dat wie gjin brief. Dat wie in gedicht. En wêr stie dan datst it útmeitsje woest?

JOSIE: Dat stie yn it gedicht. Figuerlik, mar it stie der wol. Hast it net lêzen?

KENNY: Jawol. 'Ferstille fiergesichten, byinoar pakkende wolken, swijende glimkes dy't net prate kinne?...' Sa ferbrek je miskien in ferloving mei Keats of Shelley. Ik bin studint yn de rjochten.

JOSIE: Ik ha noch oare brieven skreaun, mar noait ferstjoerd omdat ik it laf fûn fan mysels dat ik it dy net rjocht yn it gesicht doarde te sizzen.

KENNY: Mar it wie helendal net rjocht yn myn gesicht. Do stiest achter my en do homptest my yn de rêch mei dy stick. 'Soest it hiel slim fine, Ken, at ik net mei dy troude?'...en mar hompe mei dat ding. 'Oft ik it hiel slim fine soe?' ...Wat moat dat foarstelle? In beleefde formulearring? Hast dat soms fan jim mem leard? Hat sy soms tsjin dy sein: 'Josie, atst ea in ferloving ferbrekst, gean dan

achter de man yn kwestje stean, homp him mei in hockeystick yn de rêch en sis; 'soest it hiel slim fine...?'

JOSIE: Nim my net kwea ôf. Ik flapte it der samar út.

KENNY: Nee. Ik seach datst de stick sochtst. Wêrom in stick?

JOSIE: Ik woe dyn oandacht ha.

KENNY: 'Soest it hiel slim fine at ik net mei dy troude' wie genôch west om myn oandacht te krijen... dêr hoegde dy stick net by.  
(*Kenny wriuwt him yn de nekke*)

JOSIE: Do hast gelyk.

KENNY: Wêrom hjoed, Josie? Wêrom net earder?

JOSIE: Ik wit it net. Ik tink dat ik wachte ha oant ik der absolút seker fan wie dat it gjin goed idee wie dat wy mei elkoar trouden... God, wat is dit dreech, Kenny. Ik jou in hiel soad om dy. Echt wier. Ik fiel safolle foar dy.

KENNY: Ik begryp net wêrom atst 'ja' sein hast. Atst 'nee' bedoeldest, wêrom seist dan 'ja'?

JOSIE: Omdat it destiids in goede keuze like. Ik fûn dy geweldich. Dat fyn ik noch hieltyd. Do bist sa yntelligint. Sa belutsen. Polityk engazjeare. En do hast in fantastyske heit en mem... Foaral jim mem. Ik fiel my mear ferbûn mei jim mem as mei myn eigen. En troch dat alles waard ik leau 'k meisleapt... dus doe'tst my fregest op dy dûnsjûn fan de demokraten, tocht ik: 'Net te leauwen, dat sa'n fantastyske fint my ha wol' ...Ik leau dat ik noait goed troch hân ha dat it dan ek de bedoeling is dat je trouwe.

KENNY: Ja, wat tochtst dan? Dat wy foar ivich dûnsjen bleaunen by de demokraten?

JOSIE: Ik fûn it hearlik om by dy te wêzen. Ik libbe dyn libben. Oant ik der achter kaam dat er wat fout siet. Ik fergeat nammentlik myn eigen libben.

KENNY: Ferjit myn libben dan. Dat is totaal ûnbelangryk. Ik libje myn libben wol yn myn eigen frije tiid.

JOSIE: ...Doe't ús mem by ús heit weigie wie er ferbjistere. Hy hold fan har. Dat docht er noch. Ik wit wol dat it net te fergelykjen is, want sy ha ienentweintich jier by elkoar west... mar sels hy kaam er achter dat de tiid alle wûnen hielet. Dat it libben fierder giet. Hy hat leard it te akseptearjen.

KENNY: Jee... dêr knap ik fan op, sis. No wit ik teminsten wêr't ik nei útsjen kin... Akseptearje.

JOSIE: Nee. Do hast dyn libben foar dy om nei út te sjen.

KENNY: Kinst dyn beslissing net útstelle oant de ein fan de simmer?

JOSIE: It sil net mear feroarje.

KENNY: Wie ik mar as dyn broer geboaren.

JOSIE: Wêrom?

KENNY: Dan koe 'k altyd by dy wêze... mar at ik dyn broer wie, en do holdst fan my op de manier dy't ik graach woe, soe dat net in goede ferhâlding wêze, dus lit mar.

JOSIE: Ik hâld wol fan dy. Op myn eigen manier. *(Josie slacht de hannen om Ken hinne. Se krûpt him oan)*

KENNY: Mocht ik mar in winsk dwaan, ien mar... *(hy stiet op it punt om yn triennen út te barsten, mar hy hâldt him yn, rint fuort)* Ik gûl net. Dat bewarje ik wol foar ûnderweis.

JOSIE: Wolst dat ik dy thús bring?

KENNY: Ja. De ultieme fernedering. My ôfsette foar de eagen fan ús mem, dy't de útnoegingen sit te skriuwen.

JOSIE: Wat silst tsjin har sizze?


KENNY: Us heit mei it har fertelle. Se harket doch al noait nei wat er seit. *(hy sjocht har oan)* Ik hâld tink ik noch in pear moanne fan dy... dan sil ik it stadichoan wol ôfbouwe. *(Kenny wol fuort rinne)*

JOSIE: Kenny, wachtsje. *(hy draait him om, sjocht har oan)* Ik moat dy dyn ring noch werom jaan. *(Josie docht de ring ôf)*

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**